

Oan:
Provinsjale Steaten fan
Fryslân
Postbus 20120
8900 HM Ljouwert

Underwerp:
Standertwurldlist
Datum: 1 maaie 2013

Korrespondinsje-adres:
Henk Wolf
Kapelleveld 7
9716 KB Groningen
henkwolfjouwert@yahoo.com
06-18932351

Achte Steateleden,

De wiziging fan de Fryske Steatestavering fine wy in min plan. Folle slimmer fine wy lywols de plannen foar in Standertwurldlist. Dy fertelt ús net allinne hoe't wy wurden skriuwe moatte, mar ek dat wy bepaalde wurden tenei net mear brûke meie.

Dat "meie" moastst letterlik nimme. De list wurdt in ferplichte standert foar elk dy't yn it ûnderwiis en by de oerheid wurket. Wy moatte ús learlingen/studinten aanst fertelle dat se har eigen Frysk net mear skriuwe meie, om't de Akademy "rûmte" better fynt as "romte". Fan elk fan de folgjende pearen is aanst mar ien mear goed: "ik gie/gong/gyng", "rûmte/romte", "ljedder/leider/ljerre", "bûge/bûgje". Hokker? Ik soe it net witte.

Oerheden dy't it gebrûk fan wurden ferbiede, dy kinne wy út Frankryk, dêr't amtners gjin lienwurden brûke meie. Of út Switserlân, dêr't de Retoromaanske oerheidsstandert Rumantsch Grischun algemien hate wurdt. Sokke oerheidsnoarmen binne wrâldfrjemd, der wurdt om lake en se roppe ferset op. Taalmienskippen meitsje har eigen noarmen wol. En de Fryske mienskip hat dat dien; der is in noarm dy't folop funksjonearret yn it skriftlike Frysk. En dy stiet yndied wat fariaasje ta. Dat is net nuver. De Nederlânske standert docht dat ek, mei bygelyks pearen as "het waaide/woei", "zeker en vast / vast en zeker", "dat hij getrouwd is / is getrouwd", "sinaasappelsap/appelsiensap", "museums/musea" ensfh.

De Steaten meie ús sa'n noarm boppedat helendal net oplizze. Se ha oait it rjocht naam om in offisjele stavering fêst te stellen. Oer in ferplichtsjende taalnoarm is noait praat, dy wurdt no gewoan "meismokkele" yn de staveringswiziging. In oerheid dy't wurden ferbiedt stiet bûten elke Fryske en Nederlânske juridyske tradysje. In staveringlist mei in stimpel fan de provinsje Fryslân moat neat oars dwaan as de staveringregels yllustrearje. Hy moat ús fertelle hoe't wy it wurd "romte" skriuwe moatte, net dat wy it net brûke meie.

Mei freonlike groetnis,

Babs Gezelle Meerburg (letterkundige, dosinte), Ate Grypstra (skriuwer en dosint), Ruurdsje de Haan (skriuwster), Eeltsje Hettinga (skriuwer), Aukje-Tjitske Hovinga (profesjoneel tekstskriuwster), Sibe Jan Kramer (ûntwerper), André Looijenga (literêr redakteur en mearfâldich winner Frysk diktee), Elske Schotanus (skriuwster), Abe de Vries (dichter, winner Gysbert Japicxpriis), Henk Wolf (taalkundige, dosint).